**Examen VMBO-GL en TL**

# 2026

tijdvak 1
vrijdag 22 mei
9.00 - 11.00 uur

**Fries CSE GL en TL**

Bij dit examen horen een bijlage en een uitwerkbijlage.

Beantwoord alle vragen in de uitwerkbijlage.

Dit examen bestaat uit 40 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 46 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

GT-1017-a-26-1-o

*Let op! Antwoorden op open vragen mogen in het Fries of in het Nederlands gegeven worden. Citeervragen moeten in het Fries beantwoord worden.*

## Tekst 1 Fryske studinten op staazje yn Gambia

1p **1** Hoe kinst de funksje fan de ynlieding boppe de tekst it bêste omskriuwe?
- **A** It is in anekdoate.
- **B** It is in yntroduksje.
- **C** It is in konklúzje.
- **D** It is in miening.

1p **2** Hokker kopke past it bêste boppe alinea 1?
- **A** Muzyk
- **B** Oplieding
- **C** The Young Ones
- **D** Volvo 850

1p **3** Wat is de oanlieding dat Jelte de Jong, Jacoba Pries en Harm de Jong de reis nei Gambia meitsje meie?

1p **4** Yn de tekst wurdt in part fan de reis nei Gambia beskreaun.
Yn hokker alinea's giet it oer de reis dy’t de studinten meitsje?
- **A** alinea’s 2 en 3
- **B** alinea’s 2 en 6
- **C** alinea’s 3 en 5
- **D** alinea’s 5 en 6

1p **5** Hokker ferbân is der tusken it sinpart “De natuerlike omjouwing eaget wat mysterieus” (rigel 15) en it tekstpart “mei oan ... te ferdwinen.”? (rigels 15-20)
- **A** It is in ferlykjend ferbân.
- **B** It is in konkludearjend ferbân.
- **C** It is in opsomjend ferbân.
- **D** It is in útlizzend ferbân.

1p **6** “De skiterige strûkjes dy’t hjir en dêr as koekkrommen boppe it meanfjild útstekke”. (rigels 17 en 18)
→ Lis út wêrom’t de skriuwer de skiterige strûkjes mei koekkrommen ferliket.

1p **7** “De skiterige strûkjes dy’t hjir en dêr as koekkrommen boppe it meanfjild útstekke”. (rigels 17 en 18)
Hokker stylmiddel wurdt yn dy sin brûkt?

- **A** byldspraak
- **B** irony
- **C** oerdriuwing
- **D** tsjinstelling

1p **8** “‘Dy kâns moatte wy gripe’, ropt Jelte entûsjast.” (rigels 23 en 24)
→ Lis út wat Jelte mei ‘dy kâns’ bedoelt.

1p **9** Hokker ferbân is der tusken de sin “‘En genietsje fan de sinne.’” (rigel 26) en it tekstpart “Foar dat ... sette kinst.”? (rigels 27-30)

- **A** It is in ferlykjend ferbân.
- **B** It is in oanfoljend ferbân.
- **C** It is in opsomjend ferbân.
- **D** It is in tsjinstellend ferbân.

1p **10** Yn alinea 3 fertelt Jelte oer de houten kiste dy’t makke is foar de Volvo.
→ Op hokker wizen wurdt dy kiste brûkt?

1p **11** “Inkelde groepsleden út Limboarch moatte dêrom gnize.” (rigel 34)
→ Wêr moatte de groepsleden út Limboarch om gnize?

2p **12** Wat binne neffens Harm de foardielen fan klompen?

1p **13** “‘Bytsje sjauvinistysk, mar dat moat kinne.’” (rigel 39)
Hokker sin leit it bêste út wat Harm mei dy útspraak bedoelt?

- **A** “‘Fryske klompen yn Afrika, wat is dêr no sa frjemd oan?’” (rigel 35)
- **B** “‘En dat se fersierd binne mei Fryske pompeblêden, dêr bin ik grutsk op.’” (rigels 38 en 39)
- **C** “‘En dy suderlingen mar tinke dat it hertsjes binne’, laket er.” (rigels 39 en 40)
- **D** “‘De pompeblêden binne ek fertsjintwurdige op de auto, dat is net tafallich.’” (rigels 41 en 42)

1p **14** “‘Hast efkes?’” (rigel 49)
Wêrom stelt Jacoba dy fraach?

- **A** Om oan te jaan dat der in soad barre moast oan de auto.
- **B** Om wis te wêzen dat de skriuwer noch tiid hat om nei har te harkjen.
- **C** Omdat it reparearjen in soad problemen mei him meibrocht.
- **D** Omdat se der grutsk op is dat se de auto ynoarder makke hawwe.

3p **15** Folje yn it skema op dyn útwurkblêd yn hokker útspraken oer Jacoba oft oerienkomme mei de tekst yn alinea 5.

| **Utspraak** | **wier** | **net wier** |
|---|---|---|
| Jacoba har dream is it reparearjen fan frachtauto’s. | | |
| Jacoba hâldt derfan om flink gas te jaan. | | |
| Jacoba hâldt fan Frysktalige muzyk. | | |
| Jacoba sit it faakst fan de trije efter it stjoer. | | |
| Jacoba wol graach frachtweinsjauffeur wurde. | | |

1p **16** “Dat bart mei wikseljend sukses.” (rigel 80)
→ Lis út wêrom’t it lesjaan neffens de skriuwer mei wikseljend sukses bart. Helje dyn antwurd út alinea 7.

1p **17** “De misje slagget poerbêst”. (rigel 89)
→ Ut hokker eleminten bestie dy misje?

1p **18** Wat is de haadgedachte fan alinea 8?
- **A** De ferskillen tusken Gambia en Nederlân binne grut.
- **B** Fan in reis nei oare lannen kin men in soad ûnderfining opdwaan.
- **C** Gambia is earm, mar de minsken binne freonliker as yn Nederlân.
- **D** In staazje kin men it bêste yn in oar lân dwaan.

1p **19** “‘Bêst dreech om daliks yn dy fleanmasine te stappen...’” (rigel 101)
Wêrom fynt Jacoba it dreech om fuort te gean?
- **A** Se fynt dat de staazje har kostbere oantinkens opsmiten hat.
- **B** Se fynt it dreech om ôfskie te nimmen fan it aventoer dat se meimakke hat.
- **C** Se hat har feardichheden ferbettere en wol trochleare.
- **D** Se hat in soad leard oer harsels, groepsdynamyk en ferskate kultueren.

1p **20** “Yn in rammelbak út Nederlân nei Gambia reizgje”. (ynlieding)
→ Yn hokker alinea(’s) wurdt benammen útlis jûn oer dy rammelbak?

1p **21** Wat binne de doelen fan de skriuwer mei dizze tekst?
- **A** ferdivedearje en ynformearje
- **B** ferdivedearje en oantrune
- **C** oertsjûgje en ynformearje
- **D** oertsjûgje en oantrune

## Tekst 2 Wêrom't Friezen it dreech fine om oer emoasjes te praten

1p **22** Op hokker wize wol de skriuwer mei de ynlieding boppe de tekst de oandacht lûke?
Troch yn it foar
- **A** in gearfetting fan de tekst te jaan.
- **B** in konklúzje fan de tekst te jaan.
- **C** in persoan en har wurk te yntrodusearjen.
- **D** in útspraak oer geastlike sûnens te dwaan.

1p **23** "'dus de hint wie helder'." (rigels 8 en 9)
→ Ta hokker produkt late dy hint?

1p **24** "dy't de want oppakte mei tawijing." (rigel 9)
Hokker stylmiddel wurdt yn dy sin brûkt?
- **A** byldspraak
- **B** irony
- **C** oerdriuwing
- **D** tsjinstelling

1p **25** Wat binne de doelen fan it Freudhoekje?

1p **26** Yn alinea 5 stiet dat it ûndersyk de perioade ein njoggentjinde, begjin tweintichste iuw beslacht.
→ Wêrom hat Breteler foar dy perioade keazen? Sitearje it **tekstpart** dêr't it antwurd yn jûn wurdt.

1p **27** "'Ik kin … te dielen.'" (rigels 39-41)
Hokker stylmiddel wurdt brûkt yn dy sin?
- **A** byldspraak
- **B** irony
- **C** oerdriuwing
- **D** tsjinstelling

2p **28** Set op dyn útwurkblêd in krúske wêr't de bewearing fan tapassing is: yn de stêd of op it plattelân.

| **Bewearing** | **yn de stêd** | **op it plattelân** |
|---|---|---|
| Minsken binne ôfhinkliker nei de omjouwing ta. | | |
| Minsken fertoane makliker ôfwikend gedrach. | | |
| Minsken prate minder oer hoe't se harren fiele. | | |

1p **29** “Der wurdt … seit se.” (rigels 53-55)
Hoe slút it ferfolch fan alinea 7 oan op dat tekstpart?
**A** It is in ferklearring.
**B** It is in foarbyld.
**C** It is in konklúzje.
**D** It is in miening.

1p **30** De titel fan it boek *De laatste dagen van de dorpsgek* (rigel 61) kin op ûngelikense wizen ferklearre wurde.
→ Neam de ferklearringen.

1p **31** “Se fynt dat wy de ferskillen tusken minsken mear akseptearje moatte.” (rigels 67 en 68)
→ Sitearje de sin út alinea 9 mei deselde betsjutting.

1p **32** “‘Gefoelens wurde letterlik ‘ferwurke’.’” (rigel 79)
→ Wat wurdt dêrmei yn de tekst bedoeld?

1p **33** “‘Dat wie yngewikkeld.’” (rigels 86 en 87)
→ Wat wie yngewikkeld?

1p **34** Wat is it ferbân tusken de sin “De ynterviews en it omsneupen yn argiven joegen Breteler ek ynsjoch op persoanlik mêd.” (rigels 81 en 82) en de rest fan alinea 10?
**A** It is in ferlykjend ferbân.
**B** It is in oanfoljend ferbân.
**C** It is in tsjinstellend ferbân.
**D** It is in útlizzend ferbân.

*De volgende inleiding hoort bij de vragen 35 en 36.*
Yn de ynlieding wurde twa fragen steld:
1. Hoe sprong Fryslân yn it ferline om mei geastlike sûnens?
2. En hoe sit dat no: doare wy ús sieleroersels te bepraten by de keukenstafel?

1p **35** Yn hokker alinea’s wurdt it bêste antwurd jûn op fraach 1?
**A** alinea’s 4, 5 en 6
**B** alinea’s 5, 6 en 7
**C** alinea’s 6, 7 en 8
**D** alinea’s 7, 8 en 9

1p **36** Yn hokker alinea wurdt it bêste antwurd jûn op fraach 2?

3p **37** Yn alinea 3 wurde fiif tema’s neamd.
→ Komme dy tema's yn it ferfolch fan de tekst oan bod? Set op dyn útwurkblêd in krúske by ‘al’ of ‘net’.

| **Tema** | **al** | **net** |
|---|---|---|
| rykdom | | |
| earmoed | | |
| de rol fan de frou | | |
| it fenomeen ‘doarpsgek’ | | |
| psychiatry op it plattelân | | |

1p **38** Wat binne de wichtichste doelen fan **Breteler**?
**A** ferdivedearje en ynformearje
**B** ynformearje en oantrune
**C** oantrune en oertsjûgje
**D** oertsjûgje en ferdivedearje

1p **39** Wat is it wichtichste doel fan de **skriuwer**?
**A** ferdivedearje
**B** ynformearje
**C** oantrune
**D** oertsjûgje

1p **40** In **skriuwer** kin by it skriuwen fan in tekst gebrûk meitsje fan
1 feiten
2 syn eigen miening
3 mieningen fan oaren
Wêr is yn dizze tekst gebrûk fan makke?
**A** 1 en 2
**B** 1 en 3
**C** 2 en 3
**D** 1, 2 en 3

**Bronvermelding**
*Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift.*